Beantwoording schriftelijke vragen artikel 47 Reglement van Orde

Kenmerk van de vraag	**:**	21-08
Datum indienen vraag	:	5 maart 2021
Naam vraagsteller	:	Mefr. M. Dotinga-van der Veen (FNP)
Portefeuillehouder	:	Hr. J. Spoelstra
Ambtenaar	:	Mefr. J. de Boer
Datum akkoord college	:	
Zaaknummer	:	

Underwerp
Deltaplan foar it noarden

Op 5 maart 2021 hat de FNP-fraksje skriftlike fragen steld oer it Deltaplan foar it noarden. Hjirûnder fine jo de fragen en de reaksje dêrop fan it kolleezje:

Ynlieding
Oanlieding: yn de Twadde Keamer is in CDA moasje fan Mustafa Amhaouch oannommen dy't freget om in Deltaplan voor het Noorden, wêryn saken lykas Lelyline en de wentebou-opjefte by elkoar brocht wurde. Sjoch https://www.tweedekamer.nl/kamerstukken/moties/detail?id=2020Z24121&did=2020D50730.

It regear is frege foar 1 maaie 2021 (de kontoeren fan) sa'n plan te leverjen. De fjouwer provinsjes (Flevolân, Fryslân, Grinslân en Drinte) en de gemeenten meie no boustiennen leverje. Soks bart ornaris earst fia de amtlik/bestjoerlike line. De FNP fraksje hat hjir in tal fragen oer. Sawol oer it proses as de demokratyske legitimiteit.

Fragen
Oerlis
1a. Is der fanút de provinsje as in oare oerheid frege om ynput te leverjen oan it saneamde Delta plan voor het Noorden?
1b. Hat der oerlis plakfûn tusken it kolleezje en oare oerheden? At dat sa is, hokker oerheden binne dat dan west? En waneer ha dizze oerlizzen plakfûn en/of sille dizze oerlizzen plakfine? Kin it kolleezje ek oanjaan hokker partijen by dit oerlis sitten ha, as foar dit oerlis ûtnûge binne?
1c. Binne der fanút de provinsje Fryslân of in oare oerheid konkrete fragen steld oan de gemeente? Hokker fragen binne dit dan west? En wat foar antwurden hat ús kolleezje dêr op formulearre?

Rol gemeenteried
2. Is it kolleezje ek fan doel, mei it each op de mooglik yngripende konsekwinsjes en mei it each op de deadline fan 1 maaie, de bydrage oan it Deltaplan foar definityf ynstjoeren oan de ried foar te lizzen foar beslútfoarming? Sa ja, wannear kinne wy de stikken yn 'e mjitte sjen? Sa nee, wêrom net en hoe wurdt de ried dan al op de hichte steld fan de ynstek fan ús gemeente, om dat eventueel te agindearjen en rjocht te dwaan oan de lokale demokrasy? Hat it kolleezje in foarbehâld 'goedkarring troch de ried' makke?

Skriftlik antwurd

3. Kinne jim de ried yn alle gefallen foar 29 maart oankommend skriftlik tastjoere wat de ynstek fan ús gemeente, as it tinken oer it Deltaplan, is, lykas de antwurden op dizze skriftlike fragen sadat noch op 'e tiid in debat plakfine kin, foardat saken 'ûnomkearber' binne?

Reaksje kolleezje

Hjirby de reaksje fan it kolleezje

1a. De provinsje hat de Fryske gemeenten skriftlik frege seis fragen oer de Lelyline en de effekten dêrfan te beänderjen. It beänderjen fan dy fragen hawwe wy bestjoerlik yn regionale setting (ANNO) ôfstimd en mei in mienskiplik brief beändere. Jo hawwe op freed 12 maart ll. in ôfskrift fan dit brief ûntfongen.

1b. Tidens in bestjoerlik oerlis Ferkear en Ferfier en Wenjen op 18 febrewaris is troch de provinsje it ûnderwerp Lelyline agindearre. It gie dêrby om it bepraten fan in quickscan oer romtlik-ekonomyske aspekten fan de Lelyline. Ús kolleezje is hjirby net oanwêzich west yn ferbân mei in gearkomste fan de ried.

1c. Yn it niisneamde brief binne de fragen fan de provinsje en de beändering fan de fjouwer kolleezjes meinommen yn de taheakke bylage.

2. It kolleezje hat yn it neamde brief de provinsje frege, mar ek yn persoanlik kontakt mei de kommissaris fan de Kening en de deputearre, om ús goed mei te nimmen yn it ferfolchtrajekt. Wy sille dêrby ek omtinken freegje om jimme rie yn posysje te bringen mei romme mooglikheid foar ynbring. Op dit stuit hawwe wy gjin konkrete ynformaasje oer it ferfolch.

Bylage: brief oan de ried mei de taheakke bylage